

20 desimber 2019 yn Tresoar – Algemeine Ledegearkomste

In moaie opkomst en der is in soad bepraten (sjoch ferslach fan dy gearkomste) en nei de tiid hat Pieter de Groot ferhalen ferteld oer it begjin fan it Skriuwersboun, oant en mei syn tiid as bestjoerslid, tegearre mei syn sidekick Pier Boorsma.

9 jannewaris 2020 – Gearkomste mei Goffe Jensma

Goffe Jensma is fan plan om yn it ramt fan de oplieding Frysk in rige workshops/kolleezjes op te setten mei gastkolleezjes fan skriuwers en dichters. Fierders ha wy it hân oer de nije kultuernota.

9 jannewaris 2020 - Byldfoarmjende Kommisje Nij Poadium

Geart Tigchelaar wie oanwêzich by dizze gearkomste oer de nije kultuernota fan de Provinsje Fryslân.

10 jannewaris 2020 – Deistich Bestjoer

It bestjoer kaam gear foar de nijjiersbuorrel. Rinnende saken wurde besprutsen, lykas de nije kultuernota Nij Poadium.

10 jannewaris 2020 – Nijjiersboarrel fan it Skriuwersboun

Om it nije jier te fieren, organisearre it bestjoer in buorrel yn kafee De Basuin yn Ljouwert. Der wie in moaie opkomst en it wie smûk en smout.

4 febrewaris 2020 – Oerlis mei de Provinsje

Oerlis mei Ineke Rienks oer it produktplan fan 2020 en wat misgien wie.

7 febrewaris 2020 – Petear mei Explore the North

André en Trevor ha in petear hân mei Mark Hospers en Marleen Nagtegaal om better mei inoar yn de kunde te kommen. Fierders is ek de ynfolling fan City of Literature en de rol fan EtN yn dit proses sprutsen.

7 maart 2020 – Boekewikegeskink

Skriuwer fan it nasjonale Boekewikegeskink Annejet van der Zijl en Baukje Zijlstra, dy't it boekewikegeskink nei it Frysk oersetten hie, wiene te gast op de literêre jûn yn Ljouwert.

11 maart 2020 – Deistich Bestjoer

It bestjoer bepraat rinnende saken, lykas it plannen fan in Tinktank en de stimtuning troch Jannie Geertsma. Dit is it lêste oerlis mei Baukje Zijlstra as bestjoerslid.

30 maart – Tinktank City of Literature

Ofsein fanwegen de koroanapandemy en de relatearre lockdown. De earste fan in protte aktiviteiten dy't dit jier net trochgean koenen.

7 maaie 2020 – Deistich Bestjoer

De trije bestjoersleden hâlde harren earste bestjoersgearing omstreeks fia Skype. Rinnende saken wurde besprutsen en de hope útsprutsen dat we nei de simmer in ALG planne kinne.

14 maaie 2020 – Petear mei Ernst Bruinsma

In oerlis fia Skype mei Ernst oer de ôfrûne en oankommende Fryske Boekewike. Wy sprekke ús foarkar út foar in nij, orizjineel boekewikegeskink as de kar is tusken dat en wer in oersetting fan it Nederlânske boekewikegeskink.

Fierders bringe wy in tip oer fan Hanneke de Jong om Boeken fan Fryslân oansprekpunt te meitsjen foar Fryske ynstellings en skoallen dy't graach in skriuwer of dichter ynhiere wolle foar in aktiviteit.

18 juny 2020 – Oerlis mei Sietske Poepjes oer de kultuernota

Fia Skype ha wy oerlis mei Sietske Poepjes en Ineke Rienks oer de posysje fan de literatuer yn de nije kultuernota Nij Poadium en de (finansjele) ynfolling fan City of Literature.

24 juny 2020 – Deistich Bestjoer

De bestjoersleden komme wer digitaal gear en besprekke de rinnende saken, lykas in nije webside. Ek binne de earste oanmeldings fan nije bestjoersleden binnen.

2 july 2020 – Oerlis mei Provinsje Fryslân yn it Provinsjehûs

As ferfolch op ús petear mei Sietske, ha wy oerlis mei de ferantwurdlike amtners foar de ynfolling fan it provinsjale belied foar de literatuer, Ineke Rienks en Esther Rodenhuis. Neist André en Trevor is ek Willem Verf by dit oerlis.

7 july 2020 – Oerlis mei Ernst Bruinsma en Marleen Nagtegaal

Nei oanlieding fan ús brief, ha Geart en André yn petear west mei Ernst en Marleen oer de ynfolling fan de organisaasje fan City of Literature.

5 augustus 2020 – Oerlis mei RIXT yn it Skriuwersarkje

Gearkomste fan it Skriuwersboun-bestjoer en dy fan RIXT op de prachtige lokaasje fan it Skriuwersarkje fan Rink van der Velde. Der wurdt praat oer ferskate saken dêr't ús organisaasjes mei-inoar opwurkje kinne.

4 septimber 2020 – Deistich Bestjoer

Bestjoersoerlis oer rinnende saken, lykas de ynfolling fan de digitale ferzje fan Transpoesie 2020.

14 septimber 2020 – Oerlis mei Sietske Poepjes

In ferfolchpetear mei Deputearre Sietske Poepjes en Esther Rodenhuis oer de yn- en útfiering fan de kultuernota. Fierders hie André in memorandum skreaun dêr't de diskusje breder lutsen wurdt nei de posysje fan it Frysk yn it generaal. Dit petear krijt yn it nije jier in ferfolch.

14 septimber 2020 – Deistich Bestjoer

Koart bestjoersoerlis fia Skype oer rinnende saken, lykas de planning fan de ALG.

24 septimber 2020 – Deistich Bestjoer yn Café Wouters

It earste fysike oerlis fan it bestjoer yn in healjier dêr't rinnende saken besprutsen wurde, lykas it produktplan, de ALG en nije bestjoersleden.

3 oktober – Utrikking Rely Jorritsmapriis 2020

De priis waard útrikt oan Sjoerd Bottema, Elmar Kuiper en Syds Wiersma, fanwegen de koroanabeheiningen yn lytse rûnte. Geart Tigchelaar wie oanwêzich út namme fan it Skriuwersboun om harren lok te winskjen mei de priis.

12 oktober 2020 – Deistich Bestjoer

Bestjoersoerlis fia Skype oer rinnende saken, lykas de Hylkje Goïngapriis.

14 oktober – Nyk de Vries op Transpoesie

Dichter fan Fryslân Nyk de Vries wie út namme fan it Skriuwersboun nei it ynternasjonale Transpoesie Festival ôffurdige. Fanwegen de koroanapandemy waard it festival dit jier fia Facebook en oare digitale kanalen útstjoerd. It optreden is werom te sjen fia deselde kanalen.

27 oktober 2020 – Deistich Bestjoer

Koart bestjoersoerlis fia Skype oer rinnende saken, lykas de opset fan de ALG en mooglikheden om dat digitaal te hâlden.

30 oktober 2020 – Oerlis mei de Provinsje

In petear mei Tsjitske Posthumus-Kingma en Marrit van Veen oer it produktplan 2021.

Ynkommen stikken

20200830 – Brief fan de FNP mei de fraach hoe't koroana effekt hân hat op de kulturele sektor.

20200902 – Petysje fan it Feitsma Fûns oangeande de ynfolling fan it haad fan de Fryske Akademy.

20200919 – Utnûging rjochte oan Geart Tigchelaar foar it bywenjen fan de Rede fan Fryslân

Utgeande stikken

20200110 – Brief nei de Provinsje oer de kultuernota Nij Poadium

20200310 – Brief nei Ernst Bruinsma mei de útnûging om yn petear te gean oer Boeken fan Fryslân en City of Literature.

20200315 – Brief oan de leden om de leden by te praten oer de aktiviteiten fan it bestjoer

20200902 – Brief nei Ernst Bruinsma oangeande de transparânsje by City of Literature

20200906 – Jierdeiskaart troch de bus dien fan Durk fan der Ploeg fanwege syn 90ste jierdei.

20200923 – Kaartsje nei Johan Veenstra om him lok te winskjen mei it winnen fan de Rink van der Veldepriis

20200930 – Parseberjocht oer it dielnimmen fan Nyk de Vries oan it Transpoesie Festival

20201001 – Kaartsje nei de famylje fan Mindert Wynstra fanwege syn ferstjerren